

BELIEDS- EN WURKPLAN STIFTING FÛÛNS FWAR IT FRYSK (FEITSMAFUNS) 2019 o/m 2022

1.RAMT: STATUTEN, HUSHALDLIK REGLEMINT, EASKEN ANBI

1.Kêst 6.4 fan de statuten stelt dat it bestjoer op syn minst ien kear yn de trije jier in wurkplan opmakket foar de oanfolgjende jierren.

2. Ien fan de administrative ferplichtingen dy't fuortkomme út de ANBI-status is in aktueel beliedsplan, mooglik mearjierrich, mei dêryn opnaam: wurksumheden, wize fan jildwinnen, behear fermogen, besteging fermogen.

3. Dêrneist is foar de ANBI-status in aktueel ferslach fan de aktiviteiten fereaske. Dizze aktiviteiten wurde opnaam yn it oersjoch fan de projekten op de webside en yn dit beliedsplan.

De stifting presintearret himsels nei de bûtenwrâld ta ûnder de namme 'Feitsmafûns', mei as ûndertitel 'Fûûns fwar it Frysk'. Dy ûndertitel is neffens it karbrief ek de offisjele namme fan it Fûns.

2.DOEL FAN DE STIFTING: KARBRIEF KEST 2

It doel fan de stifting is it befoarderjen fan it mûnling en skriftlik brûken fan de Fryske taal.

3.BESTJOER

It bestjoer bestiet út minimaal 3 persoanen, yn de praktyk út 6 persoanen. Dizze persoanen hawwe allegearre in bân mei de Fryske taal of Tony Feitsma. Bestjoerleden hawwe yn begjinsel in netwurk yn it ramt fan it befoarderjen fan it brûken fan de Fryske taal. Der wurde prikken yn it wurk steld om jongere persoanen yn it bestjoer te krijen by útstream fan sittende bestjoersleden, wêr by wol rekken hâlden wurdt mei in evenwichtige gearstalling. By foarkar sit der yn elts gefal ien persoan yn it bestjoer, dy't Tony Feitsma persoanlik mei makke hat.

4. WURKSUMHEDEN/AKTIVITEITEN

Ferlienen fan subsydzje

It doel fan de stifting wurdt neistribbe troch it yn begjinsel ienris ferlienen fan subsydzje oan projekten dy't earne oars gjin of mar foar in part kâns op subsydzje meitsje en troch it ferlienen fan 'startsubsydzjes' yn dy sin dat it Feitsmafûns projekten dy't har geregeldwei herhelje wolle de kâns jaan wol in begjin te meitsjen en sa bekendheid te krijen, yn de hoop en ferwachting dat reguliere ynstânsjes dizze subsidiearing op in strukturele basis oernimme.

Yn prinsipe sil it gean om lytsskalige inisjativen. Mar it dielnimmen mei oare subsydzjejouwers yn (gruttere) projekten is in opsje, benammen as dêrmei it doel fan it brûken fan it Frysk 'breed' tsjinne wurdt.

It subsydzjebelied sil ek de kommende trije jier wer rjochte wêze op de ferskillende manieren fan it gebrûk fan de taal: romans, dichtbundels en lietteksten, oersettingen hjirfan yn of út it Frysk, toanielfoarstellingen, sangpresintaasjes en oare, mear praktyske foarmen, dêr't it Frysk by brûkt wurdt. Dêrby wurde de hjirfoar opstelde subsydzjekriteria hantearre.

Bisûnder omtinken sil der wêze foar de neikommende mêden:

- Jongerein
- Underwiis (meartalichheid)
- Ferbining tusken generaasjes
- 'Mienskip' (libbensfetberheid fan Frysktalige doarpen, inisjativen fan ûnderop)

Dêrneist sil de stifting (ek wittenskiplike) útjefte finansierje of finansjeel stypje; yn it algemien útjefte dy't de Fryske taal befoarderje en yn it bisûnder útjefte dy't it libben en it belang van Tony Feitsma foar de Fryske taal en saak beskriuwe.

Oare aktiviteiten

In inkelde kear wurdt in bisûndere gearkomste organisearre, bygelyks in betinking. Dizze gearkomsten binne direkt ferbûn mei it doel fan de stifting. It is de bedoeling dat der kontakten socht wurde mei oare fûnsen mei soartgelikense doelstellingen. Mûglik kin der dan in mienskiplike aktiviteit plakfine kin yn de foarm fan in 'dei foar it fûns foar it Frysk', dêr't fûnsen har presintearje foar de doelgroepen.

Biografy

Yn dizze beliedsperioade wurdt der wurke oan in wittenskiplike biografy oer Tony Feitsma. Dêr wurdt in professionele biograaf foar ynhierd. Oer de ferantwurdlikheden foar de biografy sil it fûns goede ôfspraken meitsje mei belutsenen. It bestjoer sil sels in part fan de biografy finansiere, mar ek fûnsen werve hjirfoar. Utgongspunt is, dat de biografy wol oer Tony Feitsma giet, mar ek in byld jout fan de Fryske beweging en de Frisistyk yn de twadde helte fan de 20^e ieu. Dêrmei draagt it ek by oan de doelen dy't wy stelle oan projekten dy't it fûns om stipe freegje.

5. PUBLISITEIT EN KOMMUNIKAASJE

Publisiteit algemien

Om dizze subsydzjemûglikheid by in sa breed mûglik publyk bekend te meitsjen en de projekten dy't wy op it each hawwe ek werklik yn 'e praktyk te berikken, fan har kant of fan ús kant, docht it Feitsmafûns oan publisiteit.

Media

It doel is de media (deiblêden, radio, tv) fan relevante ynformaasje te foarsjen oer it Feitsmafûns en oer de ynhâld en evaluaasje fan de subsidiearre projekten. It bekendmeitsjen fan it fûns foar de media (bygelyks fia parseberjochten) sil yn dizze perioade prioriteit hawwe. Doel dêrfan is it berikken fan partijen dy't net bekend binne mei it Feitsmafûns.

Webside & hûsstyl

De webside fan it Feitsmafûns is yn 'e ôfrûne jierren opboud en blykt sa njonkenlytsen it belangrykste helpmiddel te wêzen foar it realisearjen fan it doel fan it fûns en foar de publisiteit. Begjin 2019 foldogge de foarmjouwing en it kontintmanagementsysteem lykwols net mear oan de easken fan dizze tiid. Dêrom sil de webside folslein fernijt wurde. De hûsstyl is ek oan modernisearring ta. Dit bestjut in nij logo, nij briefpapier en in nije webside yn in hjoeddeiske foarmjouwing.

6. FINANSJES

Wize fan jildwinnen

It Feitsmafûns hat per 1-1-2019 in fermogen fan sa'n € 370.000. Dit fermogen is ôfkomstich út it erfskip fan Tony Feitsma. De ynkomen út donaasjes binne hiel gering. Skinkingen en erfenissen foarmje yn begjinsel de ienige boarne fan ynkomen. De mûglikheid om it Feitsmafûns finansjeel te stypjen sil de kommende jierren benammen yn Fryske fermiddens promininter ûnder it omtinken brocht wurde.

Behear fermogen

It fermogen is ûnderbrocht by in trijetal banken. By de Rabobank giet it om in betelrekken, in gewoane sparrekken en in deposito. De betelrekken wurdt geregeld, as dat nedich is, oanfolle út de sparrekken. By de Triodosbank giet it om in betelrekken en in sparrekken. By de ASN-bank is yn 2014 úteinset mei in belizzingskapitaal fan € 50.000. Dit hat net in soad opsmiten. It bestjoer hat dêrom besletten foarearst te stopjen mei belizzen en it fermogen allinnich mar fêst te setten op sparrekken of deposito's.

Besteging fermogen

It fermogen wurdt hast alhiel bestege oan subsidyzjes foar projekten dy't it doel tsjinje. It Feitsmafûns krijt yn 'e regel oanfragen fan ca. € 500 - € 1.000 it projekt; der wurdt in maksimum fan € 16.000,- it jier takend foar de oanfragen mei-inoar. Dêrneist sil dizze perioade in maksimaal bedrach fan € 50.000 beskikber wêze foar projekten rjochte op it promoatsjen fan it wurk fan Tony Feitsma. (bygelyks de biografy en in ynterviewprojekt) Dizze projekten hawwe in wearde yn it promoatsjen fan it fûns en kinne dêrmei ek liede ta mear ynkomen. Dy ynkomen wurde ynset om de doelen fan it Fûns te berikken.

Finansjeel belied langere termyn

It Feitsmafûns tart yn op har fermogen, omdat it fêststelde jierbedrach heger is as it rendemint op it fermogen. Dat bestjut dat it fûns net ûneinich bestean kin. It oantal projekten dat foldocht oan de projektbebingsten en de doelstellingen dy't hjirmei berikt wurde, rjochtfeardigje dat it bestege fermogen net nei ûnderen bysteld wurdt. De konsekwinsje fan eindichheid fan it fûns binnen 25 oant 40 jier wurdt hjirmei foarearst oanfurdige.

Kosten algemien

Der binne mar in bytsje kosten. Njonken inkelde needsaaklike útjeften (bygelyks foar de webside, úttreksel Keamer fan Keaphannel e.o.) komme de útjeften streekrjocht te'n goede oan it doel fan de stifting. Soms wurde der kosten makke foar in bisûndere gearkomste lykas in betinking. Dizze aktiviteiten binne altyd direkt ferbûn mei it haaddoel fan de stifting.

Beleaningsbelied en ûnkostenfergoeding bestjoersleden

Bestjoersleden ûntfange gjin fergoeding foar har wursumheden, mar kinne wol har ûnkosten fergoede krije. Kêst 10: 2 fan de Statuten sprekt fan in ûnkostenfergoeding dy't ien kear it jier troch it bestjoer fêststeld wurdt en útkeard neffens in yn't foar fêststeld maksimum. Omtrint alle bestjoersleden hawwe oant no ta ôfsjoen fan hokker fergoeding ek. Mei help fan in troch it bestjoer fêststeld formulier kinne de bestjoersleden de net útbetelle fergoeding foar har ûnkosten omsette yn in jefte oan it Feitsmafûns

en fan de belesting ôflûke. It fûns freget fierder by elk projekt om twa presinsje-eksimplaren of frijkaarten. Ien presinsje-eksimplaar giet yn it argyf. It oare wurdt omparte yn it bestjoer.

7. EVALUAASJE

Kontrole projektsubsydzjes

By it ynstjoeren fan de einevaluaasje kontrolearje skriuwer en ponghâlder út namme fan it bestjoer oft de subsidiearre projekten ek efternei noch altyd foldogge oan de kritearia dy't troch it bestjoer opsteld binne en oft de ferliende subsydzjes ridlik west hawwe.

Webside

Op de webside wurde de projekten koart neamd en beskreaun, en ek it betelle bedrach. Ek oare aktiviteiten as subsidiearre projekten en bestjoersbesluten dy't fan belang binne komme hjir op it aljemint.

Finansjeel jierferslach

In gearfetting fan it finansjeel jierferslach fan it ôfrûne boekjier (= kalenderjier) wurdt ek op de webside werjûn.